

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn’e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe’t efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy’t al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn’e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr’t hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om’t Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau’ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan’e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wienen der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woe-ne wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn’e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylders. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingablêd fan de Sékrite



**Fryske Krite
Flevolân
út Lelystêd**

**Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan It Keninklik Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 39
Nûmer 2, Novimber 2024**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID
Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

THEATER POSA

**It festjebûsteäter yn
Lelystêd foar keunst-
leafhawwers! It moe-
tingsplak foar jong en
âld, in briedplak foar
alle kulturele ynstel-
lingen fan Lelystêd en
omkriten.**

**Kempenaar 01-10,
8242 BA Lelystad.**

**Foar nije
en healsliten
boeken**



kin Jo altyd terjochte by:
Luit en Johanna Dijk
0320 - 412444
luit.dijk@kpnmail.nl

Schoen- & Sleutelservice
T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg !?**



VAN LIER
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op
WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL



AG en M- en Y-dei 29 maart 2025.

Sneon 29 maart 2025 binne jimme wolkom op de
Algemeine Gearkomste en de **Moetings - en Yn-
spiraasjemidde** fan it Keninklik Frysk Boun om
Utens . Dizze silde holden wurde by de krite Utert/
Seist yn 't Veerhuis yn Nieuwegein.



Fryske sang

O rôlje oer bou en greiden, en wâlden fier yn 't rûn
Ferspraat dyn bliere klanken oer hiel de Fryske grûn.
Trilje eltse Fries yn d' earen, o golle Fryske sang;
Wy sil' dyn wizen sjonge, ús hiele libben lang!

Wat tiidstosk ek ferdylge of hompe yn iiv'ge rêst
Wat wikselte of feroaret, wy hâlde ús sprake fêst
Wy sille as de âlden sjonge de golle Fryske sang;
Syn wizen sille klinke ús hiele libben lang!

Ja, sa lang beammen bloeie, sa lang it wyntsje waait,
Sa lang de gerskes tiere, sa lang de hoanne kraait,
Sa lang silstû ek klinke, o golle Fryske sang;
Silst rôlje oer bou en greiden! Sa lang! Sa lang! Sa lang!

TIEDE ROELS DYKSTRA



Sjirk Eildert Bruinsma (eigen foto)

fakânsje in nije presidint presintearje te kinnen. Op it stuit hat elkenien it rjocht om Frysk te praten yn de rjochtseal. Dat is neffens Meekma in papieren werklikheid, want de praktyk is oars: der wurdt faak gjin gebrûk fan makke.

Foarsitter Sjirk Bruinsma fan de Ried fan de Fryske Beweging wol ek graach mei de nije rjochtbankpresidint yn petear om it oer 'ferbetteringen by de rjochtbank' te hawwen. Hy is fan betinken dat it plak fan it Frysk op de rjochtbank better regele wurde moat. "Ik fyn it ûnbesteanber dat Friezen 73 jier nei Kneppelfreed foar de rjochtbank net yn harren memmetaal prate kinne."

Boarne: It Nijs en Omrop Fryslân

Ik ha wol reizge fier en hein

*Ik ha wol reizge fier en hein,
ik swalke rûn-om hinne.
'k Woe wêze dêr't stêden kreas
en kein en fleurige minsken binne.
Mar hoe't ik ek swalke en
hoe't ik ek socht
en wêr't myn reis my ek hinnebrocht,
ik fûn gjin plak dat my moaier tocht
as it âlde stedsje **Dokkum**.
It klokkespul smyt dêr syn sulv'ren klank
oer 't drok beweech yn 'e strjitten,
mar d' âlderein yn 'e leugenbank,
skynt fan oere noch tiid te witten.
De merkelfju priizgje har waren oan,
de âlde Waech dy sjocht it oan.
Jawis, it libben foldocht ús mar skoan
yn it âlde stedsje **Dokkum**.*

Boarne: Unbekend

Ynhâld Meidielingelblêd:	side
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2024-2025 Kritteniis	4
# In smout ferhaal	5
# 'Leave Juf' in ferhaal fan Baukje Siderius	6
# Utnûging Krystmiddei fan ús sjongkoar	8
# Utnûging Nijjiersbesite troch it lendeisbestjoer	9
# Ut de Boekehoeke	12
# Ut de Itensiderij	14
# Frysk of Nederlânsk yn de rjochtbank?	15
# Gedicht: 'Ik wol reizgje fier en hein'	16
# Gedicht: 'Fryske sang' en Nijs Ken. Frysk Boun om Utens	17

De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 14 jannewaris 2025.

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: Jan Bijkerk, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: Wytske Fransen, e-mail: wytsfra@gmail.com

Kosten: It lidmaatskip is €25,= yn't jier / stipers €15,= yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: **Jan en Sjoerdsje Bijkerk**.

Kopij opstjoere nei: sekrite@janbijkerk.nl

Eareleden fan de krite: **Albert Postma en Gerrit Kingma**.

FAN DE FOARSITTER.

Bêste minsken,

It is al wer novimber. De nachten wurde al wer kâlder en de fochtichheid is hiel heech, tusken de 95 en 99%. Min waar foar minsken mei astmatiske problemen.



Ynkoarten al wer Sinterklaas, Kryst, Ald en Nij. Wat giet de tiid dochs fluch.

Wat de krite oanbelanget is de kop er ek al wer ôf, 2 novimber hienen wy de jiergearkomste en de 23ste Noordenbos en Ko. Wat in goeie opkomst op de jiergear-

komste, 39 leden sieten der om de tafel. Dat is yn jierren net bard. Ik soe sizze, minsken hâld dit fol! De middei waard fierder ynfolle troch inkele ferhalen en gedichten fan ús leden en troch de ferhalenferteller Baukje Siderius. Ferhalen oer de emigraasje fan harren âlders nei Kanada—dat foel sa tsjin dat sy al nei 7 moanne wer werom kamen nei Fryslân. En hoe sy mei in broer en suster letter wer nei itselfde plak gienen en dêr mei hiel oare eagen tsjin dy emigraasje oansjen koenen. Oslutend hawwe wy wer genietsje kinnen fan it potiten fan de Krakeling. Appie, de eardere behearder fan de Krakeling, wie ynflein om it potiten klear te meitsjen.

In pear dagen nei ús jiergearkomste krigen wy it berjocht dat ús lid Geeske Bremer, op 4 novimber in autoûngelok hân hat en dêrnei yn Swol is ferstoarn. Sy



Frysk of Nederlânsk yn de rjochtbank?

De Fryske polityk wol dat de folgjende presidint fan de rjochtbank Noard-Nederlân mear foar de Fryske taal docht. Dat stiet yn in brief fan it Steatekomitee Frysk oan de Ried foar de Rjochtspraak oer de beneaming fan de baas fan de rjochtbank. De hjoeddeiske presidint giet op 1 maaie fuort.

“It brûken fan it Frysk moat better regele wurde”, seit foarsitter Attje Meekma fan it Steatekomitee Frysk tsjin Omrop Fryslân. Frou Meekma (CDA) is fan betinken dat de rjochtbank twatalich wurde moat mei in lykwaardige posysje foar it Frysk en it Nederlânsk. Sa is de situaasje no neffens har net.



Rjochtbank Noard-Nederlân, lokaasje

Ljouwert. Foto © Aant Mulder

Fred van der Winkel, dy't sûnt

2020 rjochtbankpresidint yn Noard-Nederlân is, stapt op 1 maaie oer nei de rjochtbank yn Oerisel. Van der Winkel stie net bekend as in strider foar it Frysk.

Dat moat oars, fynt de Fryske polityk. “It soe geweldich wêze as syn opfolger in Fries of Friezinne is”, seit Meekma. Yn it Steatekomitee Frysk, dat sy foarsit, sitte politisy fan alle politike partijen.

Brief Fryske polityk

It Steatekomitee skriuwt yn in brief dat it derfan útgiet “dat de rjochtbank in presidint oanstelt dy't yn it ljocht fan de lokale situaasje rjocht docht oan alle ynwenners fan it rjochtsgebiet dêr't it Frysk ûnskiedber diel fan útmakket.” It komitee nûget de nije presidint graach út foar in petear, sa is te lêzen. De rjochtbank lit yn in reaksje op de brief it folgjende witte: “wy hechtsje in protte wearde oan it rjocht om Frysk yn de rjochtseal te praten en dat sil sa bliuwe. Yn 'e profylskets foar de nije presidint besteegje wy dan ek seker om-tinken oan de Fryske taal.” De rjochtbank stribbet dernei om nei de simmer-

UT DE ITENSIDERIJ.

Rjemmige kastanjesop.

Koartlyn is der in magazine útbrocht ûnder de titel 'LELYSTAD OP TAFEL', wêrfoar ferskillende Lelystedelingen resepten hawwe oanlevere dy basearre binne op planten en fruchten dy't yn en om Lelystêd yn de natuer te finen binne. Om't it stadichoan hjerst wurdt, liket ien fan dy resepten, rjemmige kastanjesop, my wol passend. De tamme kastanjes en de walnuten kinne jo sels sykje, mar je kinne se fansels ek keapje. Hjir is it resept foar 4 persoanen.

Yngrediïnten

- omtrint 400 gr tamme kastanjes;
- 2 sipels;
- 2 teantsjes knyflok;
- 25 gr boerebûter;
- 1 liter grientebûljon;
- 100 ml (syd)remme;
- piper nei smaak



Foar de garnearring

- 4 kastanjesjampinjon;
- 4 walnuten

Kerf de kastanjes krúslings yn en sied se 15 minuten yn in laachje wetter.

Jit se ôf en doch, as se noch waarm binne, de skyl en it vlieske der ôf.

Snipper de sipels en de knyflok.

Ferwaarmje de boerebûter yn in panne mei in tsjokke boaiem, en fruit dêryn de sipels en de knyflok oant se glêzig binne.

Foegje dan de kastanjes en de bûljon ta en lit dat alles 10 minuten siede.

Hakje ûnderwilens de walnuten yn stikjes.

Snij de kastanjesjampinjon yn plakjes en bak se koart yn in drûge pan-koekspanne. Purear it sop mei in staafmikser.

Ried de rjemme der trochhinne en meitsje de sop op smaak mei piper.

Garnear nei it opskeppen mei sjampinjons en walnuten.

Yt smaaklik!

Yvonne Nederpel

kaam yn botsing mei in lytse frachtauto op de Dronter Ringwei. Wy winskje de famylje in protte sterkte ta om dit ferlies te dragen.

As wy nei ús takomstige kritegearkomsten sjogge, dan hawwe wy op 21 desimber wer ús Krystmiddei. Dizze middei wurdt sa as alle jierren, troch it sjongkoar organisearre. De list mei ferskes en ferhalen kinne jimme lêze op side 8 fan dit boekje. Elkenien mei syn of har famylje, freonen of buorren meinimme. De yntree is fergees, mar it stiet jimme frij om oan it ein fan de middei jimme jefte yn de klearsteande bus te stopjen.

Fierder hawwe we yn it nije jier 2025 op 11 jannewaris ús Nijjersgearkomste, organisearre troch it iendeisbestjoer. It programma fan dizze middei is te finen op side 9 fan dit boekje.

It bestjoer is fierder drok dwaande om ynfolling te jaan oan ús gearkomsten fan 22 febrewaris en **11 april 2025**.

Witte jimme dat ien fan de moaiste wurden yn it Frysk bûsboekje 'Swartehagekjeld' is. Steefêst stiet it alle jierren wer op 11 maaie: "iishilligen o/m 14 maaie". Om dy tiid geane by ús de daaljes de grûn wer yn. Dat giet al jierren lang sa. In protte minsken fine it eins wat te folle wurk: alles moat deryn om heal maaie hinne en alles der wer út klauwe yn novimber. Want oars frieze se stikken. Us âlders wiene altyd grutsk op harren moaie daaljes en dat hawwe wy oernommen. Safolle wurk is it no ek wer net. En krigest der in soad moais foar werom.

Mei it Frysk is it eins krekt sa as mei daaljes. Men hat der wurk fan om de taal libben en geef te hâlden, mar men kriget der wat moais foar werom.

De Fryske Beweging krewearret oanhâldend foar it Frysk. Somtiden wat mear, út en troch wat minder, mar altyd jeie sy it fjurke wer oan. In moai foarbyld is itnijs.frl. Al omtrint fyftjin jier bringt dat wrâldnijs yn it Frysk. Ut en troch set de redaksje mei nijsberjochten de wrâld op stelten oer it Frysk. Okkerdeis jage itnijs.frl de diskusje oer it brûken fan it Frysk by ING-banken noch oan. It sette de Fryske jongerein oan ta aksje. En ING gie om!

Bêste minsken, it kommende boekje krije jimme yn jannewaris, dus wol ik jimme no al:

Noflike Kryst tawinskje en alle sûnens foar it nije jier 2025!!

Graach sjoch ik jimme noch op 21 desimber by de Krystmiddei yn teäter Posa.

Oant sjen!! Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.

KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2024-2025

DATUM	WAT KOMT DER?
21 desimber 2024	14:30 oere Krystmiddei troch it sjongkoar
11 jannewaris 2025	14:30 oere yn De KRAKELING Nijjiarsgearkomste mei
22 febrewaris 2025	14:30 oere yn POSA: Toaniel/kabaret/muzyk
11 april 2025 !!!	20:00 oere yn POSA: Toaniel/kabaret/muzyk

De datum yn april 2025 is feroare fan sneon 12 april nei freed 11 april 2025

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei:
annie_evenhuis@hotmail.com , dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenij hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl . Yn't foar tige tank.

By bestjoer bekende troudatums van ús leden:

2024

Wiebe en Rennie Huizenga, op **19 desimber 55 jier** trou.


2025

Famylje Swart, op **29 april 55 jier** trou

Gerrit en Tjitske Kingma, op **21 maaie 50 jier** trou.

Op moandei 4 novimber is ús lid, Geeske Bremer, ferstoarn nei in needlottich ferkearsûngelok. Wy winskje de bern, pake- en beppesizzers en famylje in protte sterkte ta om dit ferlies te dragen.

Wy meie de adressen fan de pearen dy't harren troudei fiere, net yn it boekje sette, mar as jimme de jubilearende pearen in kaartsje stjoere wolle, as wat oars , dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.



him jimmer swierder falt, as in labilens him op-penearet, as it ferline him ta ferantwurdig ropt. Yn 1973 hat er op it ferkennende paad fan de iere leafde in fatale misstap makke; dy faze yn syn libben hie er weistoppe, mar dan is dêr ynienen Lisabel, dy't, doe't se santjin wienen, wol wat mei him ha woe..., wat mislearre fanwegen Saapke, in hynstefamke dat wat rûkte, en Erasmus lies, meirate koe oer keunst, Haije syn passy neist literatuer, doe ek al... en syn oandacht krige. Famke famke is in meinimmende en yntrigearjende psychologyske roman, in ferhaal dat him geandewei ûntwikkelet yn de twa tiidslagen dêr't de lêzer

Haije folget yn syn dwaan en foaral ek tinken; yn de even haadstikken, as Haije as santjinjierrige syn fleislike lusten útwierret, algeduerigen, obsessyf omtrint; en yn de ûneven haadstikken, as er mids fyftich is en in griis hat fan syn eartiidske seksuele preökkupaasje. De lêzer wurdt ynwijd yn it wêrom fan Haije syn omslach, in ferslach net sûnder spanning, mei in ûntknoping... de lêzer wurdt al lêzend nei de ein draun.

De Albasten nimf

It houlik fan Antonius Hendrikus van Wely hâldt net oer. Fangefolgen ûntflechtet er syn Antsje gauris, wat sei, hy ûntflechtet himsels, op syn deistige kuiers moarns ier as er passanten in rol jout yn syn imazjinêr belibjen fan de werklikheid. Hy tinkt himsels by minsken yn 'e hûs, by moaie froulju, sterke



froulju. Hy tinkt him de bedriging yn fan de jonges fan de stegen, sechstjinjierrigen dy't op fernielerij út binne, op it skoppen fan âlde minsken. En ja, dan libbet it swier as de reële en de imazjinêre wrâlden bytiden trochinoar rinne. Yn syn tredde roman, nei Littenser Merke en Famke famke sketst Ale S. van Zandbergen in haadpersoan dy't oanhelle is mei iensumens, in situaasje dy't op'en doer om help ropt. De help komt der, fan in psychotrapeute, in frou dy't mei har freondinne in bernewinsk hat. Dan is der ferlet fan in donor. Der ûntstiet in plan dêr't even gjin plak is foar de eed fan Hippocrates?

UT DE BOEKEHOEKE.

Dizze kear yn de boekehoeke Ale S. van Zandbergen mei treie fan syn boeken.

Ale Sietse van Zandbergen waard grutbrocht yn Easterlittens, syn heit wie slachter. Midden jierren tachtich waard er learaar wiskunde oan it 'Magister Alvinus' yn Snits.

Littenser Merke

Yn de Fryske greidhoeke longeret Eeuwke, in jonge dûmnysfrou, nei in bern.



Wêrom is har man, dûmny Laurman, net by steat om har djipste wisk te ferfoljen? Hy hat de hannen mear as fol oan strideraasjes op tsjerklik mêd, mar dat kin dochs net de iennichste reden wêze? Alles stiet yn bloei, ek Eeuwke, mar it duorret ferskuorrend lang foar de ferlossing komt.

Mear as in ieu letter libbet it slachterssoantsje Liuwe Bosgra yn itselde doarp, mar wol yn in hiele oare tiid. Superyntelligint en ek wat autistysk stiet er yn de wrâld.

Ale S. van Zandbergen hat in ferskuorrend moaie roman skreaun oer twa haadpersoanen dy't hiel fier fan inoar ôf lykje te stean. Dit boek kinne jo as lêzer allinne mar wurdearje as jo oan 'slow reading' dogge. Dan komme jo yn in wrâld te lâne dy't jo net gau wer loslitte sil: fol skjintme en heimsinnige spegelingen. Betsjoenend suver. En dan te betinken dat dit in debútroman is en bekroand mei de Rink van der Velde Priis en de Douwe Tamminga Priis.

Famke famke

Aam is in famke fan santjin dat net efter de keppel oan hobbelet; se lêst Couperus - yn 2012 - en tinkt nei oer wat se lêzen hat, dreamt har yn in bettere wrâld. Se wennet mei har heit op 'e Pôle, tegearre allinnich 'in the middle of nowhere'. By Haije Alkema, har learaar Nederlânsk, hat Aam in fin mear as in bears. Haije hat yn trije desennia net sa'n treflike learling hân. Oant koartlyn hat er har mentor west, mar har begeliede dat slagget langer net as it lesjaan

IN SMOUT FERHAAL.

Ferhaal fan Gjalt de Groot út de Doarpsbel fan Holwert.

Omke bgjint al wat te rûken.

It kaam fansels net alhiel ûnferwachts, mar dochs. Der wie in roukaart kommen. Omke wie ferstoarn en se moasten foar de begraffenis nei Ljouwert ta. En sa stienen dûmny en mefrou op de bus te wachtsjen by harren foar de pastory yn Hantum. Striemin waar mei stoarm en flappen wetter. Se hienen hâlden en kearen om it wat op fuotten te hâlden mei harren grutte swarte paraplu, dêr't se besochten wat beskûl ûnder te finen.

"Och goskes", sei mefrou, "no moat ik earst ek noch nei it húske." "No, gean mar gau", sei dûmny, "dan freegje ik de sjauffeur wol oft er noch efkes tiid docht". Mefrou op in drafke de dyk oer nei it húske efter hûs. Se siet noch mar krekt, doe hearde se de bus al. Se rekke suver wat fan 't sintrum en doe 't de sjauffeur ek noch op de klakson drukte, rekke se alhiel oeral. Dat se makke gau dien wurk en sette op in drafke nei de bus, de hoed stiif fêsthâldend. Yn de bus plofte se suver efter de pûst neist dûmny op de bank. Ferheard frege dy: "Wat dochsto mei de húskebril ûnder de earm?" "Och leave", sei mefrou en sloech de hân foar de mûle, "no stiet myn taske noch yn 't húske!"

Troch de stêd moffele dûmny de bril wat wei ûnder syn grutte reinjas. Yn 't sjerke wie it noch in hiel gepeil om sa út de jas te kommen dat in oar fan de húskebril gjin weet krige. Dûmny's binne mei de hannen ornaris net de handichsten en dat wie mei dizze net oars.

Nei de tsjerketsjinst gie it op nei de Noorderbegraafplaats, de bril kaam wer ûnder de jas. It waaide noch dat it rikke en it reinwetter kaam mei bakken nei ûnderen, dat de grutte swarte paraplu kaam wer op. En sa mei de iene hân de bril ûnder de jas beethâldend en de oare, mei help fan mefrou de paraplu wat foar de holle, wat ôfstân hâldend fan de oaren, rekken se mei de stoet yn beweging op nei omkes grêf.

Sy wienen al in skoftsje ûnderweis doe't dûmny tsjin syn frou sei: "Omke begjint ek al wat te rûken". En sa waait harren paraplu oan flarden. Doe seagen se it, se wienen net mei de oaren rjochtsôf slein, mar rjochttroch gien en rûnen no efter de Ljouwerter húske-tonnewein.

'Leave Juf', ferhaal fan Baukje Siderius

Groet, 13-09-2024

Par, sok, pet, hin bok, jas wiene de earste wurden dy't ik learde. De Earne-wâldster skoalle dêr't ik yn 1961 myn yntrede die oan de hân fan myn âldste suster, beide mei de wite strik yn 't hier. Dêr stiene se: master en juf as autori-



teiten dy't wy as bern dan de hân skodzje moasten. Juf joech my de hân en ik seach har wat mûtele hân yn mines. Ik moast in stap efterút dwaan om juf yn al har hear en fear te sjen om't har folle búste der foar hong. Juf hie in freonlik antlit, in gouden bril foar de eagen en in sipel op 'e kop. Har stim wie sêft en se sei leave wurden dêr't ik o sa gevoelich

foar wie. Master seach ik as de Baron von Münchhausen al hie ik dêr allinne as namme fan heard.

Yn de klasse sieten bern en we seagen elkoar oan. Sjoerdsje, Geartsje, Wytse, Bertus, Janke, Aldert en Rinskje. Allegearre mei it swit yn de hantsjes begjinnende oan it grut avontûr fan 'nei de grutte skoalle gean'.

Juf wie in beaken foar my en o sa belangryk. Ik hie nammentlik inkele wiken foardat ik nei skoalle gong, hiele tragyske dingen meimakke omt myn suske, dy't ek ien jier by leave juf yn de klasse sitten hie, weirekke wie. Ik krige dêr spesjaal omtinken troch en dêr profitearre ik fan.

Wy moasten fansels wol wat dwaan en juf moast ús wat leare. Earst moasten jo leare om oan jo taffeltsje mei inktpotsje en freeslike kroantsjepinne mei floeipapier te sitten op sa'n wibelwabbel stuoltsje. Earmen oer inoar en stil sitte en jo finger opstekke as jo nei it húske moasten.

Dan begong juf al rillegau mei 'schoonschrijven' wat ik in minder aardige aktiviteit fûn, omdat it o sa krekt kaam en ik mear wat frijer en snoadere dingen by d'ein ha woe.

It lêsrakje fan par sok pet, koe ik nei in pear dagen wol út de holle en ek al rillegau skriuwe en koe dêr ek wol aardige ferhalen oer hâlde as leave juf frege wat it eins betsjutte en ik faak as earste it wiisfingerke omheech hie.

We wiene dy middeis wer oan it 'ars pennaeschoonschrijven' en myn troch-

By rekkenjen krigen we taken A oant en mei D en dy makke ik alle dagen en by de breuken betocht ik in antwurd en faak stie der dochs in stimpel op en de wylde krol fan master.

Somstiden ha'k wolris tocht, wie master mooglik wolris wat maklik en wie ik fansels bytiden in snoadtenien. We hiene ek plaknammekunde mei in soarte fan ljochtbak mei wite, griene en reade lampkes. In aardichheid, mar de plaknammen hie ik gjin noasje fan wêr't se leine yn ús lân. De kleurkes en it útprobearjen dat joech ferdivedaasje. Dy rychjes learde ik sa út 'e holle mei myn eigen metoade.

Hoogezand, Sappemeer, Zuidbroek, Scheemda, Veendam, Wildervank, Oude- en Nieuwe Pekela en Stadskanaal.

As in gedichtsje sei ik se op en betocht der myn eigen betinksel by. As master ús de grammatika, spraakkeunst en stavering bybrocht op it boerd seach ik nei it krytsje dat beweege yn syn ronfelige hân en hoe't er it oan ús útlei en wist ik hast foar 100 prosint seker dat nimmen yn ús lokaal der wat fan begriep, mooglik master sels net iens.

Lêzen krigen wy ek en dan sei master dat wy mar even in haadstik súntsjes foar ússels lêze moasten. Koe master efkes wat oars foar himsels dwaan, tocht ik. Ik holde him dan gauris yn de gaten omdat ik wist as er wer yn it lokaal kaam dat ik dan as earste oan bar kaam om lûdop te lêzen. Ik rattele de wurden der haljetrawalje út en dêrnei moast ik faak mei ien fan myn klasgenoaten lêze. Dan wie ik in soarte fan helpjuf, sis mar.

Master hie ek boeken yn de skoalbiblioteek en dêr moasten wy boeken fan thúslêze. No moat ik bekenne dat ik mooglik yn myn hiele libben opwei nei santich noch gjin tsien boeken folslein lêzen ha. Ik kin sûnder mis in hiele bult, mar in boek lêze? Nee, dat giet my net sa maklik ôf.

Ik besjoch de bûtenkant, de plaatsjes en jou der dan myn eigen draai oan. Mislik fyn ik it, mar hawar. Master is der nea efter kommen en ek yn myn lettere leargongen bin ik der altyd goed útsprong.

De Fryske taal hat altyd myn favoryt west en ik skopte it sûnder dêr ea holbrekken fan hân te hawwen ta learkrêft, op ien ûnderdiel nei.

Didaktysk foech. Myn lesjaan wie faak in belibbenis en myn learlingen dy't ik hân ha wiene wiis mei my, mar mooglik siet hjiryn myn fantasije my yn'e wei.

Oars, dêr bin ik wis fan, hie ik ek fêst in 'leave juf' west!!

Wat wie ik der foarwei dat leave juf oan ús lokaal te witten joech dat sy mei-koarten fan skoalle gong en wy in oare juf krije soene.



Ik begriep dit net. Se gong houlikjen en it fijne derfan wie dat wy mei de bus dat meimeitsje mochten.

Dêr seach ik de sjarme net fan yn.

Wy gongen wol en wat fûn ik it in fertoaning. Leave juf yn in wite wide glitter glamour jurk en op hiele hege nullehakken mei oer de sipel in glitter glamour fodde mei gatsjes en kraal-tsjes. Wol hie se gewoan har petticoat der ûnder oan en de nylons mei jarretels, tocht ik sa.

Krekt efkes hie ik noch hoop dat se knoffelje soe op dy hakken, dat de nylons dêrtroch lossjitte soene fan de jarretel en dat de fodde op de sipel losreitsje soe en har foar it eagen fleane en dat dan de gouden bril har fan de holle falle soe en dat ik him dan wer oan har jaan soe en sizze: "Leave juf eh". Sa graach hie ik leave juf freegje wollen om har mûtele hân los te weakjen fan dy fint mei dat swarte gûchlerspak en dy hege hoed.

Tiden hat it duorre foardat it ta my binnenkrong yn't holtsje.

De nije juf koe it nea mear goed meitsje. Se wie sa oars, rûkte ek net nei leave juf, hie soms de sipel op 'e holle, mar se hie gjin gouden bril en blomde jurken mei petticoat en nylons mei jarretels, tocht ik.

De rapporten bleaune goed, dêr koe se net sa'n soad oan dwaan, mar myn leave juf soe se nea wurde. Ik wie mûlryp, skreau se yn de tredde klasse op myn rapport. Dêr hie se gelyk oan, dat moat ik har tajaan.

Heit knapte nei hast in jier en operaasjes wer op en wy gongen fan it lokaal fan juf nei master, foar my- yn myn tinzen- de Baron von Münchhausen.

Wat in oergong wie it om fan it fertroude Frysk ynienen Nederlands te praten. Wûnderlik fûn ik dat, omdat master gewoanwei ek wol gewoan Frysk koe. De lêspanke mei aap, noot, mies ha ik mooglik oerslein, want dêr kin ik my neat fan yn't sin bringe.

We krigen nije fakken sa as ierdrykskunde, biologie (nê't in bytsje) en wolris in ferhaaltsje fan skiednis.

sichtich papier hie ik mei lijen oer it skrift lein mei tige sierlike letters doe't juf foardat wy útgoene de oaren út de klasse nei it lokaal fan master gean liet en it wie my ek al opfallen- dat juf krekt dêrfoar ék al yn it oare lokaal fan master west wie. "Oft ik allinne efkes sitten bliuwe woe". Wat hie ik ferkeard dien? Ik makke geregeldwei inktflekken en brûkte dan sa goed as mooglik myn floeipapier en ik wie efkes bang dat leave juf, dy't tige ernstich seach en har bril ôfsetten hie,- hie'k sjoen-, boas op my wêze soe.

Juf rûkte nei juf en se hie altyd blomde jurken oan dêr't mooglik in petticoat ûnder húsmanne, se hie nylons oan mei jarretels- tocht ik- want dat hie mem ek, hie'k sjoen.

Juf gong breed foar my sitten op sa'n wibelwabbel stuoeltsje en ik tocht: Dit komt nê't goed! Mar der barde neat en juf wreau har yn de eagen.

Har stim trille en se moast my wat fertelle wat wat muoilik wie. Se stammere nuver sa no en dan. It soe allegear wól goed komme, sei juf, mar ús heit hie ûnder de auto sitten en lei yn it sikehûs en dêrom koe ik net nei hûs en moast ik even earne oars útfanhûs.

Ik wie wiis mei heit en mem en ús heit ferûngelokke?" Is er dea?" "Nee, nee, mar hy is wol hiel slim ferwûne en do kinst net mei him prate, dat kin even net", sei juf. "Jimme mem is by him en it komt goed, hoopje wy". Juf krige wer de triennen yn de eagen en wer kaam de gouden bril foar de eagen wei. It wie ek wol wat foar leave juf. Se wie begien mei ús húshâlding en wist fan saken dy't der by ús spilen. Heit syn broer wie fjouwer jier lyn op 35 jierige leeftiid ferûngelokke ûnder in auto en wie troch in breinkasbrek stoarn en no.. "Hat heit de auto net sjoen of ried de auto te hurd, hoe koe it heit oer komme?"

Us heit wie in rimpen man en it blykte dat er fan de wein op de Earnewarredyk hastich de wei oerstutsen wie om de tuolle út it lân te heljen.

Hy hie in swiere harsenskodding en de skonk tebrizele.

Fersekere wiene wy net yn dy tiid foar dit soarte fan saken en dêrom rekke it de hiele húshâlding tige bot.

Alle dagen gong ik nei leave juf en wy dielden tegearre dat momint fan fertriet en ûnheil en mei it learen gong it fantastysk. Alles wie 'tige ynoarder' en ik wit ek net oft leave juf my wat foartruts of net, mar it foel my op dat der in protte yn ús lokaal ûnder betingst oergean moasten of sitten bleaune.

It bestjoer fan it SJONGKOAR nûget de leden fan de Sékrite en fierder elkenien dy't dit meimeitsje wol, út , foar it bywenjen fan de **KRYSTMIDDEI** op sneon 21 desimber 2024 om 14:30 oere yn teäter POSA.

KRYSTFEEST 2024

1. Ingels Krystliet.
2. O berntsje sa lyts.
3. Krystsang.
4. Ferhaal
5. Hoe kom ik jo temjitte.
6. Frede.
7. Winterwûnderlân.
8. Meisjongers: Midden in de winternacht.
O denneboom.
In Bethlehem's stal.
9. Sliep seft, du berntsje.
10. Gloria in Excelsis deo.
11. De poppe fan Maria.
12. Ferhaal
13. Meisjongers: Hoe leit dit kindeke.
Stille nacht.
De herdertjes lagen bij nachte.
14. Kerstlied.
15. Krystsang.
16. Ere oan God.

It iendeisbestjoer fan de Sékrite nûget jimme út foar It bywenjen fan de **NIJERSBESITE** op sneon 11 jannewaris 2025 om 14:30 oere yn de Krakeling, Atol Plaza, Schor 15 yn Lelystêd.

PROGRAMMA:

- 14.30 oere Iepening en wolkomstwurd.
- 14.40 oere Optreden fan ús sjongkoar.
- 15.00 oere Sprekker - presintaasje Ulke de Boer - diel 1.
- 15.30 oere Skoft.
- 16.00 oere Optreden fan ús sjongkoar.
- 16.20 oere Sprekker - presintaasje Ulke de Boer - diel 2.
- 16.55 oere Ferlotting.
- 17.30 oere Sluting.

De presintaasje fan ús lid, Ulke de Boer, giet oer Eastergoa. Eastergoa wie ien fan de sân seelannen, ien fan de trije dy't binnen de grinzen fan de hjoeddeiske provinsje Fryslân leinen. Letter wie it ien fan de trije goaen fan Fryslân. De kuststreek fan Eastergoa foarmet in kenmerkjend seeklaailânskip mei terpdoarpen, dat yn it binnenlân oergiet yn in heger lizzende feanûntginningslânskip dat bekend stiet as de Noardlike Fryske Wâlden. Oan de westkant wie Eastergoa begrinze troch de Middelsee mei oan de oare kant Westergoa. Nei it suden wienen de Alde Lepedyk en de Boarn de grins mei Boarnegoa, en letter mei Sânwâlden. Nei it easten foarmen de Lauwers en de Lauwerssee de grins mei it Westerkertier fan de Ommelannen.

